



Oan: Deputearre Steaten fan Fryslân
o.f. mefr. mr. S. Poepjes, deputearre
Twibaksmerk 52
8911 KZ LJOUWERT

Drachten, 19-11-2017

Ûnderwerp: *de posysje fan it Frysk yn de opset en útwurking fan in nij kurrikulum foar it primêr en fuortset ûnderwiis*

Achte mefrou Poepjes,

De *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) is in organisaasje fan âlden, learkrêften en oare persoanen, dy't him ynset foar in fanselsprekkend en lykweardich plak fan it Frysk yn it ûnderwiis yn Fryslân. Lyas bekend is it Frysk in ferplichte fak yn primêr en fuortset ûnderwiis en kin it Frysk ek 'mede' as fier- en ynstruksjetaal brûkt wurde. Yn it spesjaal ûnderwiis (d.w.s. de ekspertizesintra) hat it fak wetlik noch altiten in fakultative status, nettsjinsteande de ferplichting dy't kêst 8 fan it Europeesk Hânfêst opleit.

Yn it brief fan 7 july 2017 hat steatsiktaris Sander Dekker grien ljocht jûn foar it op 'en nij besjen fan it kurrikulum foar it primêr en fuortset ûnderwiis. Ûnder de namme *Curriculum.nu* wurdt op it stuit in ûntwikkeltrajekt op gong brocht as fuortsetting fan it fyzjetrajekt *Onderwijs2032*. De kritek fan it ûnderwiisfjild op ûnderdielen fan *Onderwijs 2032* hat laat ta it opsetten fan ûntwikkeltiims en ûntwikkelskoallen mei it doel om begjin 2019 de Twadde Keamer boustiennen te leverjen foar in fernijd en represintatyf kurrikulum foar it 'Nederlandse onderwijs'. It is de bedoeling dy boustiennen ek te brûken foar it ûntwikkeljen fan **aktualisearre keardoelen**.

Yn it advys fan *Onderwijs2032* kaam it Frysk net foar. Yn 2016 hat de FFU protestearre tsjin dy gong fan saken, omdat yn de nije plannen gjin rekken holden waard mei it Frysk en it letter hiel dreech is om dy plannen noch oan te passen foar de Fryske situaasje. Yn *Curriculum.nu* wurdt útgien fan njoggen ûntwikkeltiims. Twa dêrfan geane oer taalûnderwiis: 'Nederlands en Engels (moderne vreemde talen)'. It Frysk komt dêr al wer net yn foar en as FFU hawwe wy by it *Bureau Curriculum.nu* oanjûn, dat de wetlike posysje fan it Frysk it needsaaklik makket dat dy taal yn de nije opset yntegraal in plak kriget. It brief oan dat buro (d.d. 17-11- 2017) is taheakke.

Fan 't hjerst koenen ynteressearre learkrêften en skoallieders harren opjaan foar in ûntwikkelgebiet en nei in seleksjeproseduere sille de wurksumheden begjin 2018 úteinsette.

Lykas wy yn ús brief oan de direkteur fan it buro foar *Curriculum.nu* oanjûn hawwe, is it ús net bekend oft ûnderwiisminsken út Fryslân har al opjûn hawwe. Likemin witte wy oft it Frysk yn de plannen behelle wurdt. Dat soks tige fan belang is, hoecht eins gjin útlis. Benammen no't de provinsje sûnt de wetswizinging fan 2014 in taak krigen hat op it mêd fan de keardoelen Frysk foar it basis- en fuortset ûnderwiis.

As FFU soenen wy graach ynformaasje hawwe wolle oer twa fragen en dêr roppe wy de help fan de provinsje as ferantwurdlike oerheid foar de útfiering fan it ûnderwiis yn it Frysk foar yn:

1. Is de provinsje derfan op 'e hichte oft it Frysk al of net in plak kriget yn *Curriculum.nu*?
2. Achtsje Deputearre Steaten it wichtich dat it Frysk yntegraal meinommen wurdt yn in (takomstich) fernijd kurrikulum en is (kin) dêr aksje foar ûndernommen (wurde)?

Alfêst tank foar in reaksje.

Mei rju achtginge,

drs. Th.Dykstra (foars. FFU)

Taheakke: FFU-brief oan it buro fan Curriculum.nu d.d. 17-11-2017